



DE NONNEN FAN NAVARONE

(“De nonnen van Navarone”)

Klucht yn twa bedriuwen

troch

HANS PIJPERS

Fryske oersetting fan

Siep Jorna

TOENEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE NONNEN FAN NAVARONE – DE NONNEN VAN NAVARONE** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **HANS PIJPERS** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 2009 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **11** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

Suster Merel

Suster Verel

Moederoverste

Frou Geertsma

Broeder Bas

(Merel en Verel kinne troch ien persoan spile wurde, mar ek troch twa)

Gasten :

Suzan

Conny

Earwearde

Mynhear Notiesch (frou)

Flip

Sjors

William

Dekor: Sjoch efteryn boekje.

EARSTE BEDRIUW

Wy heare fiif kear it lieden fan de kleasterbel. As it doek iepen is it tsjuster op it toaniel. Wy hearre broeder Bas opkomen yn keamer 2, de tagong nei de foar no ynearsten sließkeamer foar de nonnen. As Bas, dy klaait is as münts, de keamer ynkomet mei in brânende kers yn in âlderwetske kersestandert, set hy dizze op 'e grûn del. Om syn nekke hat hy twa pannedeksels, mei in toutsje oaninoar bûn en nimt dizze yn 'e hannen. Hy slacht de deksels tsjininoar.

Bas: (*lûd*) Goemoarn dames, it is fiif oere. Wekker wurde! It is wer in nije dei, in nije sinne, dus, wurk oan 'e winkel! Der út, allegearre! Wekker wurde... (*de nonnen dy efter de sletten gerdinen, yn de alkoven lizze, jouwe al gapjend antwurd*)

Nonnen: Ja, broeder Bas... ik bin wekker... ensfh.

Bas: Goed, dan kom ik efkes kontrolearjen oft dat sa is... (*Hy leit de deksels op 'e grûn, pakt de kers en rint mei de rêch nei de seal, lâns de alkoven. Iepent ien fan de twa gerdyntsje fan in alkoof*)

Goemoarn, suster Merel. Al wekker? (*kriget in klap yn syn gesicht*)

Au, sis dat dan, dat je neat oanhawwe... (*laket derom en fansiden*)

Moai, hiel moai, sa op 'e betide moarn... (*rint nei de twadde alkoof yn keamer 1 en iepent wer in heal gerdyntsje*) Goemoarn, suster Verel, lekker slipt en al wekker? (*hy wurdt it alkoof ynlutsen, mar set noch krekt de útblaasde kers op 'e grûn*) He, dat mei net hear.

Dat – mei – net! (*gegichel efter de gerdyntsjes*) Ik sis dochs dat dat net mei. (*fynt it wol noflik*) No, efkes dan... Mmm, mmm... In bytsje omheech. Nei lofts. Sa, ja... klau mar... Mmm... ensfh

(*Moederoverste komt op en docht it ljocht oan, mei it knopke dat de skimerlampkes brâne lit, dy neist eltse alkoof hinget. Se falt oer de deksels op har búk. Bas genietet*) Mmmm... Mmmm... (*Moederoverste sjocht ferheard de seal yn en dan wer nei de alkoven*)

Moederoverste: Hâld dêr mei op! (*stilte*) Jo gedrage jo tsjin de regels!

De paradyskes bliuwe sletten, yn dit kleaster. Dus ek yn jo bêd... (*Bas genietet noch hieltyd*)

Bas: Mmmm...

Moederoverste: Of – bliuwe! (*stilte*) Ik mis broeder Bas. Hat immen broeder Bas sjoen? Heard miskyn? As je him nedich binne, is er der net...

Nonnen: (*after de gerdyntsjes*) Nee, Moederoverste...

Moederoverste: (*rint nei de deksels en pakt se op. As se dy oppakt, stapt Bas gau út de alkoof mei de earms strekt nei foarren, docht*)

as er sliewannelet en rint rjochting de doar. Moederoverste draait har om, mei yn eltse hân in deksel) En fan wa binne dizze dekselse deksels, dêr't ik hast myn nekke oer bruts? (Bas nimt de deksels oer en giet ôf)

Moederoverste: (*ropt him nei*) Broeder Bas, kom werom! Fuortendaliks! (*Bas komt werom. No mei beide deksels yn ien hân, mar noch hieltyd mei strekte earms en rint nei it alkoof dêr't de kersestander op 'e grûnd stiet. Nimt dizze yn 'e rin wei mei en rint op deselde wize werom nei de doar en giet ôf*) Dat tocht ik ek! (*Tsjin de nonnen*) Harkje! Hjoed krije wy besite. Net winske bisite! Ynspeksje fanút de heechste regionen yn ús kleasteroarder, troch in foar ús noch unbekende Earwearde. It is der op of der ûnder. Jimme sille alles yn it wurk stelle moatte om ús kleaster fan de ûndergang te rôden. Elts mankemint sille se opskriuwe. Alles sil undersocht wurde. Us hâlden en dragen ek. Ik herhelje: ús hâlden en dragen ek! Alles sil tsjin ús brûkt wurde, om sa it kleaster yn diskredyt te bringen om it dan ferkeapje te kinnen. Mei oare wurden: der binne kapers op 'e kust. Hawwe jimme it begrepen!? O, ja, de retrêtes geane gewoan troch. It mei de gasten, dy't hjoed oankomme, oan neat ûntbrekke. Under normale omstannichheden dogge jimme faze ien. Mar yn needgefallen...?

Nonnen: Faze twa...

Moederoverste: Krekt! Want wa binne wy...?!

Nonnen: (*lûd*) De nonnen fan Navarone...

Moederoverste: Krekt! (*rint mei opstutsen holle ôf. Blackout*)

Muzyk

(it liet fan de Heidezangers: *Ik speel de baf(s), fan André van Duin*)

Ferfolch earste bedriuw

Ljocht oan yn keamer 2 en yn 'e gongen. Broeder Bas leit de lêste hân oan de kessens fan it bêd, dat er oan it opmeitsjen is. Tsjin it alkoof stiet in biezem of mop. Wy sjogge ek de grutte blaster, dêr't de muzyk út komt. Yn de kommende sêne arrivearret de âlde lift. TING. Ut de lift stappe Moederoverste, de Earwearde en mynhear Notiesch. Sy rinne efter elkoar nei keamer 2. Broeder Bas sjongt mei, is hielendal yn syn elemint en makket der in showtsje fan sawol mei it kessen, dat hy yn it middenflak fan it kessen tusken de skonken klemt, de rest fan it kessen strak om de skonken hâldt/drukt, sa, dat it út de fierte krekt liket as der in wite koarte broek oan hat. "Smyt" it kessen wer op bêd en pakt de mop. Spilet sabearre bas op de mop, dûnset/rint om de mop hinne. Ensfh. Ensfh. Koartsein, hy is hielendal fan 'e wrâld as Moederoverste der yn komt mei de kontroleurs, de Earwearde en mynhear Notiesch, dy tige ferheard stean te sjen nei broeder Bas. Moederoverste sjeneearret har tsjinoer de Earwearde en mynhear Notiesch. Mynhear Notiesch is in ferklaaide vrou: draacht in swart pak alla Oliver Hardy. Hat ek sa'n "swierlivige búk" en in snorke. Himet nochal..

Earwearde: (*kuchelet en sprekt lûd*) En wat binne wy hjir oan it dwaan, broe – der? (*Bas heart en sjocht neat. Opnij, wat lûder*) En wat binne wy hjir oan it dwaan, broeder...!?

(*Moederoverste set de blaster út*)

Bas: (*skrikt, ûnnoazel*) Eh... Goeie...

Earwearde: Foar de tredde kear, wat binne jo hjir oan it dwaan?

Bas: Ik? Ik stie te baffen...

Earwearde: Te baffen...?

Bas: Eh, ja. Op de baf...

Earwearde: Wat is dat, baffen!?

Bas: Eh, skjinmeitsje. It skjinmeitsjen fan de flier... mei de mop... (*fansiden, nei de seal*) Wat in mop... (*laket wat ûnnoazel om syn mop*)

Earwearde: (*pakt in BH op*) En wat is dit!?

(*de earwearde fynt it sjenant..*)

Bas: Eh, dat binne de mûtskes fan zuster Merel of fan zuster Verel. De twillingsusters. Dy haw ik fûn yn de sliepkeamer fan de dames en meinaam om yn 'e wask te dwaan. (*fansiden*) Dat dit krekt efkes oars leit giet him neat oan... Eh, dy mûtskes binne foar eh... (*wiist mei de fingers nei syn boarst*) ha je 'm...?

Earwearde: Fan de twillingsusters, Merel en Verel!?

Bas: Ja, fan ien fan de twa. Mar dat kin je gau efterhelje... as je se wat hurd rinne, sjogge jo wol... (*gnysket wat ûnnoazel*)

Moederoverste: (*jout Bas in skop tsjin syn skonk*) Sa kin 't wol ta, ja!

Bas: Au! (*wriuwte oer syn skonk*) Fansels...

Moederoverste: Harkje! Ik wol datsto daliks nei de baalje giest, want der komme gasten en dy kinne der sa wêze. Twa gasten ha ik sels al ûntfongen. Foar ien fan de gasten is dizze keamer. Begrepen?

Bas: Jesssss...

Moederoverste: Pardon?

Bas: Eh, ik ha it begrepen. (*al pratende ôf*) Gasten opfange... Gasten opfange...

Moederoverste: Nim my net kwea ôf, Earwearde, dit sil net mear foarkomme...

Earwearde: Spitich, spitich, mar ik sil dit dochs rapportearje moatte. (*tsjin mynhear Notiesch*) Mynhear Notiesch, skriuw mar op...Mynhear

Notiesch: Pff... skriuw mar op... Jawis, Earwearde... Pfff... (*hat pin en in skriuwblok al yn 'e hân en is ree om te skriuwen*)

Earwearde: Twa wite mûtskes, tusken heakjes ien BH, fan ien fan de twillingsusters, Merel of Verel. Fûn yn romte... (*sjocht nei Moederoverste*) Yn romte...!?

Moederoverste: Yn de sliepromte fan de sisters, Earwearde...

Earwearde: Yn de sliepromte fan de sisters, útropteken. Skande, útropteken. Skande, skande, skande... Punt. (*tsjin Moederoverste*) Sa, dat is dat. Wy komme hijr aansens noch wol wer, om de alkoven te ynspektarjen. Opdat jo it witte... En dan sille wy no nei... (*tsjin mynhear Notiesch*) En dan sille wy no nei...?!!! (*knipperet ris mei de eagen*)

Mynhear Notiesch: Pff... Eh, nei de sintrale wiete romtes, Earwearde. Hûskes, dûsen, ensfh. ensfh... Pff...

Earwearde: De sintrale wiete romtes, ensfh. ensfh. Krekt... (*tsjin Moederoverste*) Wolle jo ús foargean, Moederoverste...?

Moederoverste: Sizze jo mar suster...

Earwearde: (*knipperet ris mei de eagen*) Wolle jo ús dan foargean, suster...? (*sûnder wat te sizzen giet se foarop en de oaren komme efter har oan. ôf. Ljocht út yn keamer 2 alline de baalje, de gong en de lift binne beljochte. De tillefoan op 'e baalje giet en wy hearre in lûde ringtoan: Ja, ja dêr komtie dan ja. Ja, ja dêr komtie dan ja. Merel komt op. Se draacht in nonnenkostuum dat út twa dielen bestiet. De lange rok is, bygelyks, aan de foarkant wyt en aan de*

efterkant swart. De foarkant is no wyt. As Verel opkomt is de foarkant swart)

Merel: (*nimt op*) Mei it hús Navaronne? Jo wolle wat meidiele? O... Nee, hear, gjin probleem. Efkes pin en papier pakke. (*docht dit*) Mynhear Jansma. Foar hoefolle dagen? In hiele wike? O. En wat moat der barre? Jo miene it, echt wier? Efkes goed opskriuwe hear, oars krije wy misbegripen. Ja? (*skriuwt it op*) Dat haw ik, ja. Dat ek? Jeetje... (*skriuwt wer*) Ja, dat haw ik. Ja, mar, dit binne gjin meidielingen, mar opdrachten. Ja en dêr is in dame foar nedich... Witte jo wol wat jo freegje? Witte jo wol wat dat kosten giet? Dat makket neat út... En as ik jo sis, dat dat wol 4000 euro kosten giet? Makket neat... O. No, dan wol ik graach fan jo, jo bankrekkennummer. Ja... (*skriuwt op*) En jo postkoade en hûsnûmer, graach. Tige tank. Is dit trouwens itselde bankrekkennummer as dat fan jo man? No, dat sil ik dan daliks efkes tsjekke. Kloppet dit net, dan... Krekt... No, noch efkes alles neirinne, foar it gefal dat... (*lëst op*) Jo man, mynhear Jansma, is hjir yn Navarone en bliuwt hjir in wike. Nei alle gedachten net allinne, mar mei in freondinne. In suster fan ús kleaster moat him konstant yn 'e gaten hâlde. Dei en nacht. Nimen fan it kleaster mei it witte. (*fansiden*) Dat sil my wat wurde... Wat sizze jo? Nee, hear, it komt allegearre dik ynoarder. Ja, hear... Ja. O, Mei ik noch efkes jo tillefoannûmer, foar as der wat bart. Jo witte mar noait, no... (*skriuwt dit ek op*) Ja, ik haw it. Jo binne dan wol in hiel ein fuort. Mei wa jo prate? Jo prate mei suster Merel. As ik der goed út sjoch? Mar mefrou dochs, ik bin non... Jo wolle it gewoan witte...? No ja, ik mei der wol wêze ja, al sis ik it sels. Dat wie it? Wat sizze jo? (*sjocht ferskrikt om har hinne*) Is dat echt nedich? Jo wolle it gewoan witte. No, as jo der wat mei opsigitte, ik ha kup D en dy fan myn suster ek. Wy binne net foar neat in twilling, no? Dat wie it? Oke. Komt goed. Doeck. (*fansiden*) Myn kupmaat sis... ik skamje my dea... As Moederoverste dat heard... (*leit de mobyl wer op syn plak. Dacht de opdrachten yn in slûf en plakt dy ticht. Leit de slûf op de baalje. Rint nei de yn en útgong fan de baalje. Ropt foar de yn en útgong*) Verel!

Verel: (*is Merel, mei de holle yn de yn en útgong*) Jahaa...!?

Merel: (*holle wer werom*) Wurk foar dy. Do moatst daliks oan 'e gong. De opdracht sit yn in slûf en leit op 'e baalje. Hiel aardich en do moatst pakke... (*fansiden*) Se moast ris witte...

Verel: (*holle wer werom yn de yn en útgong*) Pak – ke...!???

Merel: Pakke, ja. (*ôf*)

Bas: (*op*) Kin it ek wat rêtiger, hjirre? (*sjocht nimmien*) O...

Verel: (*op. Merel draacht no in bril, is net de “snoadste” en spilet presys it omkearde fan de personaazje Merel*) Merel seit dat der in slûf leit, mei myn namme derop en mei in briefke der yn. Hasto dy ek sjoen, Bas? Ik skyn fuort te moatten foar in tige wichtige saak, want ik moat myn koffer pakke...

Bas: (*nimt de slûf fan ‘e baalje en jout dy oan Verel*) Dit sil it wol wêze, tink, want dit liket my in slûf... Begrypst wol, Verel...? (*fansiden*) Net te leauwen... Eh, ik sil wer oan myn wurk, ja... (*ôf*)

Verel: (*iepent de slûf en lêst*) Jeemich, as je in amer leech goaie... Earst oerlizze mei Merel, hear. (*ropt en ôf*) Me-rel?

Merel: (*de tillefoan giet wer, ringtoan: Ja, ja dêr komtie dan ja. Ja, ja dêr komtie dan ja. Merel daliks wer op*) Efkes wachtsje Verel, ik kom deroan. Begin mar te pakken. (*nimt op*) Mei it hûs Navarone. Jawis. Jo wolle wat meidiele. O. Nee, hear, gjin inkel probleem. Efkes pin en papier pakke. (*docht dit. Fansiden*) Noch san ien... Sizze jo it mar. (*skriuwt op*) Ja, ja... Dat haw ik ja... (*fansiden*) Dat is ek tafallich... Ha jo krekt ek al net belle? O... O... Jo tillefoannûmer dan graach. Foar as der wat bart. Je wit mar noait, no? Ja haw ik. Jo binne dan wol in hiel ein fuort. (*fansiden*) Hoe is it mooglik, presys itselde... Efkes jo banknûmer graach? (*skriuwt it op, freget en skriuwt*) Jo postkoade? Hûsnûmer? Ja... no, komt yn oarder. Dat giet jo dan 4000 euro kosten. Gjin inkel probleem? No, foar my ek net... Nee... Jo ha beide it selde banknûmer? O. Ik sil it efkes tsjekke. Wat sizze jo? O, jo prate mei suster Merel. As ik der goed útsjoch? Ja, ik mei der bêst wêze, al sis ik it sels. Wat sizze jo? (*fansiden*) Hoe is it mooglik... No, ja, as jo dat perfoarst witte wolle: kup D, allebeide... Dat wie it? Oke. Ja, hear, graach dien. Dooch. (*fansiden*) Hoe lis ik dit yn ‘e fredesnamme út oan Bas? (*leit mobyl del*) No, ja, wat moat, dat moat, want 8000 euro yn in wike, litte wy net lizze, Merel... En Moederoverste sil hiel bliid wêze dat ik hjir tsjin optreed. (*ropt*) Bas? Bahas!

Bas: (*op*) Wat is der no wer? Ik bin oan ‘t wurk...

Merel: Harkje ris, Bas... (*hy giet neist har stean, tsjin de baalje. Merel docht de koekjetrommel iepen op ‘e baalje. Nimt der in koekje út*) koekje?

Bas: (*pakt it koekje aan*) lekker...

Merel: Ik moat foar in wykje de doar út.

Bas: O... Is Moederoverste op ‘e hichte?

Merel: Fansels... (*fansiden*) Do moast ris witte... En Verel ek...

Bas: Toe mar. En wêrom, as ik freegje mei?

Merel: (*begjint sabearre te gûlen*) Heit en Mem wolle skiede...

Bas: Watte? Dyn âlden? Dy binne dochs al tachtich...?

Merel: Dat haw ik ek sein. Ik sei: mar mem, jo binne al tachtich. Dat is wol sa, sei se, mar better let dan net... (*begjint noch wat mear te gûlen*)

Bas: (*besoarge*) No, rêtstich mar... rêtstich mar...

Merel: Dus, do moatst in wykje foar dy sels soarchje. Ik kin der wier neat oan dwaan...

Bas: Oke. Oke, (*begjint ek te snotterjen*) mar hjir bin ik hielendal net bliid mei...

Merel: (*snotterjend*) O, nee?

Bas: Nee. Ik bedoel, dat ik dan in wike allinne bin, yn 'e keuken. Mei... (*wiist nei de keamers efter*) wist wol... Dêr is neat oan, Merel... (*snik*) Dêr is hielendal neat oan...

Merel: Nee, Bas, dêr is neat oan...

Bas: En ik kin net itensiede, dat witsto ek wol... En (*wiist wer nei de keamers efter*) dy ek net, hear..En Moederoverste wit dochs ek wol, dat ik net itensiede kin?

Merel: Ja, ik wit it...

Bas: Hoe losse we dat dan op... en ik hâld der ek net fan om allinne te wêzen. Ik sil Verel ek hiel bot misse... (*fansiden*) Eltse moarn...

Merel: (*noch hieltyd jankerich*) Kant en klear iten?

Bas: Kan en klear iten? Mar dat kin ik ek net...

Merel: Ja, dat wit ik no wol...

Bas: (*herstelt him*) Harkje, ik fyn alles prima, mar der moat immen itensiede. Wa, makket my net út. En wa stelst do foar om dat te dwaan? (*wy hearre in bel: TING, de lift is arrivearre. Merel en Bas sjogge beide nei de lift. William, in Ingelske Nederlander, komt út de lift. Draacht in koffer. Rint nei de baalje. Merel en Bas sjogge elkoar oan*)

Merel: (*Merel knikt fan ja, Bas skoddet fan nee..*) No, dat is dan regele hé, Bas? Koekje der by?

Bas: Graach...

Merel: Wol, ik sil dan mar pakke, hé... (*pakt in koekje*) Ik wit dat it hiel dreech foar dy is, mar wat moat dat moat... (*tútet him op 'e wang*) In soad sukses... (*pakt in koekje*) Noch ien koekje...?

Bas: (*stoareaget nei William en pakt it koekje oan*) Lekker... (*Merel óf*)

William: (*sprekt mei in Ingelsk aksint*) Goedafternoen. Ik have in room besprutsen. I wil graach...

Bas: Good afternoon, sir... (*pakt it gasteboek en iepent dit*) Ik sil efkes foar jo sjen. Hoe is de namme?

William: William.

Bas: William... Kloppet. En jo berop is...?

William: Ek, koek, eh, kok. Ik make iten yn in big restaurant...

Bas: O... (*sjocht ynienen hiel bliid de seal yn en wer werom*) De keuken dus...

William: No, nee, in keamer...

Bas: Fansels... (*fansiden en omheech*) Tanke, tanke wol...

William: Moai. Wolle jo dan sa friendly wêze en my dan dêr hinne te bringen... As jo sa friendly wêze wolle?

Bas: Fansels. Fansels... (*wiist nei de yn en útgong efter de baalje*) Dizze kant út...

William: Tige tank... Jo binne hiel friendly... (*beiden ôf troch de yn en útgong efter de baalje*)

Bas: (as sy ôf gean) Ik bin altyd alderfreonlikst, mynhear. (*fansiden*) Want do giest itensieden... Dat witsto no noch net, mar aanst wol... Ik fiel my ynienen hielendal opluchte... Dizze kant út, graach... (*Ijocht oan yn keamer 2*)

Sjors: (*komt op en sjocht op syn horloazje*) Wêr bliuwt se no? Mar efkes kontrolearje oft se al fuortgongan is. (*pakt syn mobyltsje en bellet in nûmer. It mobyltsje fan Flip giet oer yn keamer 1. Ljocht oan yn keamer 1. Flip komt op, pakt syn mobyltsje fan it taffeltsje*) Hy moast ris witte dat ik hjir yn it kleaster sit en net thús...

Flip: Flip...

Sjors: Hé, dy Flip. Mei Sjors. Hoe is it, keardel?

Flip: Hallo, Sjors. Prima. Tanke. En mei dy?

Sjors: Kin net better.

Flip: No, dat is moai om te hearren. Gjin diarree mear?

Sjors: Hielendal oer, man. Gelokkich wol. Hoe is it mei de frou? Hoe is it mei Conny?

Flip: Mei Conny? Haw ik dy dat net ferteld?

Sjors: Ik wit nearne fan. Is se siik? Nee dochs? (*fansiden*) Dat sil dochs net wier wêze...?

Flip: Nee, se is op fakânsje.

Sjors: Op fakânsje? Is dat efkes tafallich? Susan ek. (*fansiden*) Lokkich wol...

Flip: Is 't wier? Wêr is se hinne?

Sjors: Nei Manilla.

Flip: Hoe bestiet it. Conny ek, juh...

Sjors: It is net wier. Ek nei Manilla? Hoe is it mooglik...

Flip: Wannear is se fuortgien?

Sjors: Justerjûn al, in oer as acht.

Flip: In oer as acht? Conny ek, juh...

Sjors: Hoe is it mooglik, sis...

Flip: Wannear komt se werom?

Sjors: Snein.

Flip: It is net wier, hé?

Sjors: Conny ek? Wat tafallich, sis... (*yntusken arrivearret de lift. TING... Suzan stapt de lift út, mei in koffer. Mompelet: keamer 21, 21. Siket en rint úteinlik rjochting baalje en siket fierder*)

Flip: It is wol stil sa hé, thús...

Sjors: No, sis, praat my der net fan. Ik lis nei Studio Sport te sjen...
Je moatte dochs wat...

Flip: Ja... Alinne is mar alinne, Sjors. Mar dit is nei myn idee gjin tafal,
hear. Dit is ôfsprutsen wurk...

Sjors: It is yndie allegearre wol wat hiel tafallich, ja... (*fansiden*) Hy sil
dochs neat yn 'e gaten ha...?

Flip: Wat no...?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via
www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



info@toneeluitgeverijvink.nl



072 5112407



“Samenspelen” is ons motto